

po@dium

2017

Nr.1 - jannewaris

Bennie Huisman

Winsken & foarnimmens

In seis waard in sân. Alle dagen wurdt it wer wat langer ljocht. Ik sjoch werom en ik sjoch foarút: wat haw ik dien en wat wol ik dwaan - of soe 'k dwaan wolle. In ferlet, dat de lêste tiid sterker wurdt: nije lieten skriuwe. Dat liket fanselssprekkend foar in sjonger, dy't syn eigen lietsjes makket, mar dat is it spitigernôch net.

Yn it nije *Sanfirdo*-projekt sjoch ik no tweintich jier yn de tiid werom, en - lêzjend yn myn âlde notysjeboekjes - sjoch ik ek hoe produktyf ik doe wie. Dat duorre noch oant en mei de earste jierren fan de nije ieu, doe waard it minder. Ik bleau warber genôch: mei fryske oersettingen fan lietsjes dy't ik tsjinkaam en moai fûn, mei eigen wurk yn it nederlâns, it skriuwen fan ferhalen en gelegenheidswurk.

Mar nije lieten as ekspresje fan wat my dwaande hold, rekke, pinige of ferwûndere, lieten of poëzij as yntermediêr tusken my en de minsken, tusken my en de wrâld, dy driuw dêve wat út.



Dêr wienen meardere oarsaken foar. Hast as skriuwer-sjonger plakken nedich, dêr't nei dyn wurk harke wurdt, dêr't it lêzen wurdt, dêr't reflekteard wurdt. Dy poadia binne de lêste tsien oant fyftjen jier aloan mear weifallen. Yn 2002 wie in nije theaterfoarstelling - *De Loffytser* - noch reden om tal fan nije lieten te skriuwen. Mei muoite 10 oant 12 foarstellings byinoar skarrele; doe wie it wol dúdlik dat it theater net mear in poadium wie foar soks. Om dy tiid hinne begûn ek de CD-merk yn te sakjen. Earst troch kopyearderij, dêrnei troch 'streaming'. En oer it generaal kinst sizze, dat myn natuerlike 'publyk' mei my op in leeftiid komt, dat it al gau tinkt: 'ik ha al safolle CD's thús'.

Fryske harksankjes yn de literêre tradysje wie in niche-merk wurden. In nije CD meitsje, dêr moat no jild by.

Dochs begjint it no wer wat te jokjen. Dat komt foar in part troch it feit, dat it jild minder in rol spilet. Ik besykje sels nije poadia te sykjen en fyn dy ûnder oaren yn 'keamerfoarstellings', dêr't ik lytsskalige thema-programma's spylje foar in selsskip fan minsken dy't inoar faak al kenne. Lykas resintlik om myn Berlyn-bondel hinne. Ynspirearjende ûnderfinings 'by de taskôgers op 'e skoat', in smûke neisit en fuortendaliks in soad belangstelling foar de bondel.

Op de CD by de bondel stiet ien echt nij liet. En dat is dochs wol in apart en moai proses: it útwurkjen fan in idee, de earste notysjes, it sykjen om in foarm, in taal, muzyk. En dan it jin eigen meitsjen, it sjongen en slypjen, de earste presintaasje, de earste reaksjes. Dat alles woe 'k de kommende tiid mar wat trochsette, yn it nije Sanfirdo-project, mar mooglik ek los dêrfan.



De dichter & de Hellingbaas

Yn it foarige nûmer ha jim lêze kinnen hoe't ik sa'n tweintich jier lyn *Sânford* op 'e kaart sette mei in 'stikje' yn 'e krante. En hoe't dat sels de tekst foar in nij lietsje oplevere, dat ik yn deselde ôflevering der fuortendaliks mar by ôfprintsje liet.

Ik wie noch net al te lang 'kolumnist' c.q. stikjesskriuwer foar de Leeuwarder Courant. Ik hie der in skoft tsjinoanskytskoarre. Op geregelde tiden in stik 'leverje' freget in soad discipline en foarútwurkje. Dêrneist is it wichtich foar de skriuwer om him te 'posysjonearjen' en te ûnderskieden yn de krante. In eigen toan, in eigen re-fleksjeramt, dat nei ferrin fan tiid werkenber wurdt foar de lêzers.

In soad kollums yn kranten binne 'persoanlik'. De skriuwers meitsje wat mei en brûke dat as oanlieding om dêr oer te skriuwen. Dat kin wat emoasje en karakter oangiet fariearje fan argewaasje oant ferwûndering. En it ljocht dat der al skriwend op set wurdt farieart mei fan koel, spotsk & skerp oant myld, meilibjend & relative-arjend.' Dat wie foar my alsa wat útsykje en útfine wat my it bêste lei.

Doe't ik myn earste lietteksten skreau wie dêr ek wolris in ûnbesnoeid protestliet by. Ik hie it ek wol yn 'e fingers, mar stadichoan murk ik, dat ik fan nature relative-arjend bin, út in groeiend besef wei, dat de 'condition humaine' der meast ien is fan twifel en ûnsekerheid yn in gaoatyske wrâld. En de wapens, dy't ik dan noch ha binne dy fan humor, lichtens en relativearring. Dêrby oantekene: dat is ek de 'lúkse' fan dit minskebern, dat opgroeid is en oant no ta libbe hat sûnder earmoed, honger of oarloch. Ik ha noait hurde en wrede keuzes meitsje moatten om oerlibje te kin-nen.


Sa waard it skaaimerke fan myn stikjes der faak ien fan 'Spielerei' en lichte sels-spot. Dat lêste stylmiddel is oars net altyd frij fan idelens en dan kinne jo wolris op 'e kofje komme. De noftere skinker fan dy kofje wie in âlde bekinde: Douwe Tam-minga. By it eksaminearjen fan de Fryske Akte yn de jierren '70 hie er my alris op de pynbank lein by it ûnderdiel 'Taeleigen'. Doe't er my it hiele boerebedriuw ôffre-ge stie ik mei de mûle fol tosken. Lykwols hie ik mei in soad nocht yn syn beide boeken: '*Op 'e taelhelling'* omlêzen. Hy wie in dichter, dy't yn heech oansjen stie, in taalwittenskipper, dy't yn Fryslân syn gelikense net hie.

En hy sei my yn in ynstjoerd stik it mannewaar op.

Sânfurden?

Yn de Freed-bylage fan de LC fan 9 maaie skriuwt dichter-sjonger Bennie Huisman in artikel plus in ferske fan syn hân. It ferske hjit 'Simmerfamke fan Sânfurden. Dy leste plaknamme wurdt dêr net minder as fyftjin kear neamd dat in printflater is útsluten. Mar dat is wol fyftjin kear te folle want it doarpke oan de Sânfurder Hop (yn Wymbritseradiel) hjit yn ús taal steefêst en ieuwenlang al Sânfurd (mei de klam op de earste helte fan it wurd.

It doarp as Sanfurden út te skellen is dus like bryk wannear't men Hams as Harnslingen of Ljouwert as Ljouwarden beneame soe. Hie it net better west en freegje de jongfaam dy't yn it pleatslik tsjerkje siet te oargelspyljen efkes nei de krechte namme fan har wenplak. Dat hie de hastige dichter yn syn drok bestean oars gjin tiid ôfnommen, wol?



Raar sjocht men ek op as H. op Sânfurd sicht kriget (ik sitear) op it parmantige tuorke fan Nije-syl. No leit it útbuorrensje Nijesyl by Drylts mar dêr is toer noch spits of tsjerke te bekennen. En fan Sânfurd ôf hat men dêr alhiel gjin sicht op. Dat de rimpene skribent sil grif Nijhuzum miend hawwe dat yndied oan de oare kant fan de Aldegeaster Brekken leit.

Fraach oan de skriuwer: soe it tenei ek wat krekter kinne?

Ljouwert, D. A. Tamminga

Sânfurd?

Leafde makket blyn. Men rekket der troch yn hege, boppe-akademyske sfaeren en dan kin it wolris raar gean. It Sânfurder simmerfamke hie my sa yn 'e besnijing en it arkadyske Hop wurke my sa op it moed, dat ik alle krektens út it each ferlear en fiif wiken lyn yn alle ûnskuld en ûnwittendheid in lietsje yn 'e krante ôfprintsje liet; en yn dat lietsje hie ik it oer it net besteande doarpke 'Sânfurden'.

In tel yn it bûsboekje of op 'e Akademykaart sjen en ik hie it witte kinnen: de Fryske namme is Sânfurd.

Al gau lei der in moaie kaart op 'e matte, my tastjoerd troch in âld-Sânfurder dy't my, ûnder tanksizzing foar de oandacht, freonlik op dizze grouwelige flater wiisde. Eefkes hope ik ien en oar yn alle stilte lykbreidzje te kinnen, want kultu-rele bylagen wurde amper lêzen en de Fryske side dêrfan noch minder. Mar ús beppe sei it al: 'Der is ien, dy't alles sjocht...' en dêr wie er al: ús Taalwarder, ús Hellingbaas, dy't gjin promke nedich hie om fêst te stellen, dat dit sjongspultsje aardich troch de naden switte en dy't my dat even goed ynwreau middels in ynstjoerd stik, ien fan de drokstlêzen parten fan de krante, want elk hat nocht oan ûnnocht. Behalven Sânfurd hie ik ek nochris de heule krite yn oerstjoer brocht mei it ferwikseljen fan de doarpkes Nijhuzum en Nijesyl.

Dat ik stie even moai te kyk. As de Fryske dichters-elite it al sa ôfwitte lit, hoe kin der dan oan it gewoane folk noch easken steld wurde? Ik haw dagenlang krom rûn fan histoaryske ferantwurdlikens, waard nachts besocht fan radikale oplossings (alle dichters yn fêste tsjinst by de FryskeAkademy..) en hoopfolle takomstfisoenen (mei sokke heale hollânismen soe 'k ek by Omrop Fryslân wurkje kinne..) en doe liet it Sânfurder simmerfamke my ek noch witte, dat se fuortendaliks alle kontakten ferbrekke woe. Ik reagearre lykas de measte mannen yn sa 'n gefal reagearje: dan net.

En begûn oer alternativen nei te tinken. In boerefaam hie ik al yn Aldegea, foar read hier hie'k al yn 'e Gaastmer omsjoen, in brêgewipperske like my ek wol nijsgirrich, mar dy moat men net sykje yn Sânfurd, mar yn Nijesyl. Ik kaam der net rjocht út en moast tajaan, dat ik it Sânfurder simmerfamke ek net foar-goed kwytreitsje koe út myn tinzen. Der siet net folle oars op as myn manlike grutskens wat yn te binen. Ik moast it goedmeitsje en rjochtbreidzje, betterskip tasizze of deemoedich de gong nei Canossa meitsje. Net op 'e knibbels, dy binne te min, mar op 'e fyts, dat moast kinne. Probleem wie lykwols, dat in 'sjonger-sankjeskriuwer' ek gauris in wyske heart as er in begjin hat fan in tekst. Dat wie hjir ek it gefal en dy tekst moast sa feroare wurde, dat de klam oars kaam te lizzen. En as in wyske jin ienkear yn 'eholle sit...

Hawar, ik bin der mei yn 'e slach gien, ik ha der mei wraksele en ik bin der útkommen.

En it lietsje is my no al dierber wurden, om syn skiednis, om it ferhaal en om de wrakseling en it net fanselssprekkende ûntstean. In sankje is noait ôf en benammen as it in eigen sankje is, pielt men der altyd wat mei troch. Dit kin better, dat is moaier, dit ris besykje...Sa sil it mei dit lietsje ek wol gean, mar it is no safier, dat ik it graach ûnder de minsken bringe wol en wêr soe dat better kinne as yn Sânfurd? Ik haw ek noch wat goed te meitsjen nei de krite ta yn it algemien en nei it Sânfurder folkje ta yn it bisûnder. Dêrom sil ik oer goed in wike, op snein 15 juny, in optreden fersoargje yn it tsjerkje fan Sânfurd. Middeis om trije oere. En ik sil it goed meitsje: elk kin der yn sûnder te beteljen, fergees sa sein. En dêr sil dan it *Simmerfamke fan Sânfurd* foar it earst te hearren wêze yn it selsskip fan dy oare froulju ut 'e krite en tal fan oare lietsjes en ferhalen. As it waar net al te beroerd is, kom ik op 'e fyts, dan haw ik ûnderweis alle tiid om myn sûnden oer te tinken.

(wurdt fuortset...)

Simmerfamke fan Sânfurd



It monumintale Sânfurter pishokje

Simmerfamke fan Sânfurd, no't it hjerst wurdt, tink ik oan dy.
 Simmerfamke fan Sânfurd, no't it rûzich wurdt, nûnderje ik foar dy:
Mankelietsjes, waarme wizen, komme út 'e dize fan 'e tiid.
 Simmerfamke fan Sânfurd, no't it hjerst wurdt, tink ik oan dy.

Simmerfamke fan Sânfurd, no't it winter wurdt, dream ik fan dy.
 Simmerfamke fan Sânfurd, no't it wetter strjemme wurdt,
 sjong ik wat foar dy:
Operettes, Schubertlieten, krekt as doe't we bûten sieten, nachtenlang.
 Simmerfamke fan Sânfurd, no't it winter wurdt, dream ik fan dy.

Simmerfamke fan Sânfurd, no't it maitiid wurdt, langje ik nei dy;
 Simmerfamke fan Sânfurd, no't de sinne waarmer wurdt,
 spylje ik foar dy:
Walskes, tango's en musettes, sweevje oer de wetters nei dy,
 Simmerfamke fan Sânfurd, no't it maitiid wurdt, spylje ik foar dy.

Famke fan Sânfurd, no't it simmer is, wol ik nei dy.
 Famke fan Sânfurd, no't it Hop wer wekker is, komt de koarts opnij.
Aanst dan sjonge wy tegearre, under moanneljocht en stjerren,
Weagesankjes, leafdessankjes
 Famke fan Sânfurd, no't it simmer is, kom ik by dy.